

Ministerie van Sociale Zaken en  
Werkgelegenheid

> Retroeadres Postbus 90801 2509 LV Den Haag

De foarsitter fan de Twadde Keamer  
fan de Steaten-Generaal  
Prinses Irenestraat 6  
2595 BD Den Haag



Postbus 90801  
2509 LV Den Haag  
Parnassusplein 5  
T 070 333 44 44  
www.rijksoverheid.nl

**Ús referinsje**  
2023-0000299604

**Taheakke(n)**  
Advysrapport DINGtiid oer de  
posysje fan It Frysk yn de  
foarskoalske faze

Datum 15 augustus 2023  
Oangeande Reaksje op it advys "Frysk yn de foarskoalske faze"  
fan DINGtiid

Foar Friezen is it fan belang dat se har taal en kultuer útdrukke kinne. Foar in part Frysktalige berne-opfang kin dêr in weardefolle rol yn spylje. Earder dit jier publisearre DINGtiid, it advysorgaan foar de Fryske taal, in rapport oangeande de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze. Mei dizze brief bied ik jo Keamer it rapport oan en reagearje ik, mei út namme fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de minister foar ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip op de parten fan it advys dy't slaan op de rol fan de Ryksoerheid. DINGtiid ûntfangt in ôfskrift fan dizze Keamerbrief.

It Frysk is erkend as offisjele taal en krijt dêrmei beskerming ûnder it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. It Ryk en de Provinsje Fryslân meitsje ôfspraken oer it brûken fan de Fryske taal mei as doel dy te beskermjen en te befoarderjen. Ienheid yn ferskaat, dat is Nederlân eigen. Dat jildt ek foar de taal dêr't we mei-inoar yn prate en inoar yn ferstean. Dit kabinet is grutsk op de Fryske taal en kultuer en wol dan ek wurkje oan bliuwende fitaliteit fan de Fryske taal en kultuer. Dy ôfspraken stean yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). De hjoeddeistige BFTK rint fan 2019 oant en mei 2023. It kabinet is op dit stuit yn petear mei de provinsje Fryslân oer de ynhâld fan de BFTK nei dy perioade. De advizen fan DINGtiid wurde dêryn behelle.

### Advys DINGtiid

DINGtiid hat as wetlike taak om de gelikense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen. De Wet berne-opfang biedt de mooglikheid om, neist de Nederlânske taal, de Fryske taal of in streektaal dy't yn libben gebrûk is, mei as fiertaal te brûken.<sup>1</sup> DINGtiid stelt dat sawat 60% fan de berne-opfanglokaasjes yn Fryslân fan dy mooglikheid gebrûk makket. Op guon plakken bliuwt it oanbod fan Frysktalige opfang benefter, dat makket dat net oeral yn de provinsje tichtby hûs tagong is ta (foar in part) Frysktalige berne-opfang. Mooglike redenen dy't dêrfoar neamd wurde binne fúzjes en oernimmingen fan lokaasjes, it persoanelsteakoart yn de sektor, de ôfhinklikens fan yndividuën dy't

<sup>1</sup> Kêst 1.55 earste lid Wet berne-opfang. It wurd 'mei' betsjut yn dit ferbân 'yn kombinaasje mei it Nederlânsk as fiertaal'.

har ynsette foar it Frysk en dat meartalige ûntwikkeling yn it algemien en it Frysk yn it bysûnder gjin fêst plak hat binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker.

**Datum**

15 augustus 2023

**Ús referinsje**

2023-0000299604

De konklúzje fan it rapport is dat der in soad brûkbere beliedsmjittige kaders lizze foar it brûken fan Frysk yn de foarskoalske faze.<sup>2</sup> DINGtiid stelt lykwols dat belied mei konkrete doelstellingen oangeande Frysk yn de foarskoalske faze ûntbrekt by de ryksoerheid, de provinsje Fryslân en gemeenten. Dêrtroch leit de beskikberens fan Frysktalige foarskoalske foarsjenningen neffens DINGtiid leger as dat dy wêze kinne soe. Tagelyk wiist it rapport derop dat in fan-ûnderen-op-oanpak wurket en dat der gjin ferlet is fan in aparte wetlike ferplichting út it fjild wei.

DINGtiid docht de folgjende oanbefellingen om de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze te ferbetterjen:

- *Oan de provinsje Fryslân en de ryksoerheid*: nim konkrete, mjitbere doelstellingen op yn de nije BFTK oangeande it tal berne-opfanglokaasjes dêr't Frysk mei as fiertaal brûkt wurdt en stjoer dêrop.
- *Oan gemeenten en de provinsje*: kom ta gemeentlike doelstellingen yn in Frysk Foarskoalsk Profyl per gemeente. Jou gemeenten in aktivere rol en mear ferantwurdlikens om dêrop te stjoeren en it Frysk op foarskoalske lokaasjes te stimulearjen.
- *Oan de provinsje en de ryksoerheid*: it Frysk en meartalige ûntwikkeling moatte in fêst plak krije binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker. Nim kennis fan talich ferskaat en meartalige ûntwikkeling op yn it lanlike kwalifikaasjedossier. Dêrneist wurdt in tafoeging yn it kwalifikaasjedossier advisearre foar in adekwate passive en aktive kennis fan de Fryske taal of streektaal by pedagogysk meiwurkers yn gebieten dêr't (neist de Nederlânske taal) de Fryske taal of in streektaal yn libben gebrûk is.

## **Reaksje op it advysrapport fan DINGtiid**

Yn oerienstimming mei de posysje fan it Frysk as offisjele taal, fyn ik it wichtich romte te bieden foar Frysk en oare libbene streektalen yn de berne-opfang. Dy romte wurdt fasilitearre binnen de Wet berne-opfang, troch de mooglikheid om de Fryske taal mei as fiertaal brûke te kinnen. Ik wurdearje de ynset en it ûndersyk fan DINGtiid. It jout ús weardefolle ynsichten yn de hjoeddeistige stân fan saken oangeande it brûken fan Frysk yn de foarskoalske faze.

Ik wol al graach in dúdlik ûnderskied meitsje tusken berne-opfang en foarskoalske edukaasje. It doel fan foarskoalske edukaasje is om pjutten dy't in yndikaasje krigen hawwe, in goede start meitsje te litten op de basisskoalle. Foarskoalske edukaasje stimulearret boartsjenderwize de ûntwikkeling fan it Nederlânsk, tariedend rekkenjen, motoryk en sosjaal-ekonomyske feardichheden. Om foar in part Frysk te praten op lokaasjes kin befoarderlik wêze foar de ûntwikkeling fan it Nederlânsk fan pjutten dy't meidogge oan foarskoalske edukaasje en thús ek Frysk prate. Dêrom is dat op dit stuit ek tastien. Dêr't pjutten dy't meidogge oan foarskoalske edukaasje thús gjin Frysk prate, binne de oeren foar foarskoalske edukaasje (yn trochsneed 16 oeren de wike) echt bedoeld foar it befoarderjen fan de Nederlânske taalûntwikkeling. En hat edukaasje yn de Nederlânske taal, yn dy 16 oeren, de foarkar.

It kabinet dielt de konklúzjes fan DINGtiid dat der heldere, beliedsmjittige kaders binne en dat de hjoeddeistige oanpak fan ûnderen op fertuten docht. It Sintrum

---

<sup>2</sup> DINGtiid neamt de Wet gebrûk Fryske taal, it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach fan nasjonale minderheden.

Frysktalige Berne-Opfang (SFBO), in troch de Provinsje bekostige kennisintrum yn Fryslân, leveret in wichtige bydrage oan it stypjen fan berne-opfanglokaasjes dy't Frysktalige opfang oanbiede wolle. Fierderop yn dizze paragraaf gean ik yn op de konkrete oanbefellingen dy't rjochte binne oan de ryksoerheid.

**Datum**  
15 augustus 2023

**Ús referinsje**  
2023-0000299604

DINGtiid advisearret om in konkrete doelstelling op te nimmen yn de nije BFTK oangeande it tal berne-opfanglokaasjes dêr't Frysk mei as fiertaal brûkt wurdt. It opnimmen fan in doelstelling is ûnderwerp fan petear by it ta stân kommen fan de nije BFTK. De ryksoerheid fynt it wichtich dat yn Fryslân romte is foar meartaligens. It is wichtich dat minsken har goed útdrukke kinne en folweardich dielnimme kinne oan de mienskip yn it Frysk en yn it Nederlânsk. Dêrby merk ik op dat it beheljen fan in beskaat persintaazje primêr in doel wêze kin foar de provinsje. De ryksoerheid stipet dat troch it fasilitearjen fan de wetlike mooglikheid.

It kabinet fynt it benammen wichtich dat sprake is fan in goede sprieding en tagonklikens, wêrby't âlden en bern – yn reedlikheid – de mooglikheid hawwe om te kiezen foar in foar in part Frysktalige opfang. Yn de praktyk is it fan belang om foar elk bern te besjen wat it bêste is foar de ûntwikkeling. Dêrby freegje ik ekstra omtinken foar de earder neamde bern mei in yndikaasje foar foarskoalske edukaasje.

DINGtiid advisearret de ryksoerheid en de provinsje Fryslân om talich ferskaat en meartalige ûntwikkeling in fêst plak te jaan binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker troch it lanlike kwalifikaasjedossier oan te passen. De MBO Raad en de Samenwerkingsorganisatie Beroepsonderwijs Bedrijfsleven (SBB) binne ferantwurdlik foar it ta stân kommen fan it kwalifikaasjedossier. Wy sille it advys fan DINGtiid diele mei de MBO Raad en de SBB. Kennis fan it eigen meitsjen fan taal by meartalige ûntwikkeling stiet op dit stuit opnommen yn it kwalifikaasjedossier. Om goed ynspylje te kinnen op meartaligens kin it winsklik wêze om dat út te wreidzjen, troch dêr mear fakkennis en feardichheden oan te ferbinen. Kennis fan talich ferskaat en meartalige ûntwikkeling is relevant foar pedagogysk meiwurkers dy't wurkje sille mei bern mei in oare thústaal as Nederlânsk. Dat giet om in soad bern yn de foarskoalske edukaasje. Dat slút ek oan by myn foarnimmen om meartalige berne-opfang yn de talen Dútsk, Frânsk en Ingelsk wetlik mooglik te meitsjen mei yngong fan 2024.<sup>3</sup> Wjersidige kennisútwikseling en gearwurking mei DINGtiid op it mêd fan talich ferskaat en meartalige ûntwikkeling yn syn algemienens wurdt tige wurdearre.

DINGtiid advisearret boppedat yn it lanlik kwalifikaasjedossier ta te heakjen dat, dêr't (neist de Nederlânske taal) it Frysk of in streektaal yn libben gebrûk is, fan pedagogysk meiwurkers ûndersteld wurdt dat se adekwate passive en aktive kennis hawwe fan dy talen. It kwalifikaasjedossier jildt foar de oplieding Pedagogysk meiwurker yn hiel Nederlân. It kabinet achtet it dêrom net passend om oan de MBO Raad en SBB te advisearjen om ûnderskied te meitsjen tusken pedagogysk meiwurkers dy't wurkje (sille) yn gebieten dêr't de Fryske taal of in streektaal brûkt wurdt en de rest fan Nederlân. De provinsje Fryslân is al yn petear mei mbû-ynstellingen yn Fryslân om besteande mooglikheden oangeande Frysk binnen de kardielen te fersterkjen. Kardielen wurde eksaminearre en telle mei foar de beslissing om te slagjen of te sakjen. Mbû-ynstellingen kinne, as sy dat winsklik fine, it Frysk oanbiede as in ferplicht ûnderdiel fan de oplieding.

---

<sup>3</sup> Jo Keamer is dêroer ynformearre op 21 febrewaris 2023 (2023-0000048443). Meartalige bûtenskoalske opfang is al mooglik.

## **Ta beslút**

Ta beslút wol ik DINGtiid hertlik tankje foar it advysrapport oangeande de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze. De ynspanningen fan DINGtiid drage by oan it beskermjen en stimulearjen fan de Fryske taal. Lykas sein, kinne ekspertize en ûnderfiningen út Fryslân goed brûkt wurde by beliedsfoarming op it mêd fan talich ferskaat, meartalige ûntwikkeling yn syn algemienens en meartalige berneopfang.

De Minister fan Sosjale Saken  
en Wurkgelegenheid,

C.E.G. van Gennip

**Datum**  
15 augustus 2023

**Ús referinsje**  
2023-0000299604